



GROENLINKS



Amendement Gemeenteried Frjentsjerteradiel

Datum riedsgearkomste:	2 novimber 2017
Foarstel fan:	Fraksje FNP
Underwerp:	Undersyk tagonklik meitsjen treppen toer Martinitsjerke

Oerwagende dat:

- Wy hawwe ûndersykje litten dat de Stifting net per definysje oanspraaklik steld wurde kin foar alle skea. Der moat sprake wêze fan in gebrek. De beneidelde moat altyd sjen litte kinne dat syn of har skea feroarsake is troch in gebrek oan de trep. It saneamde kausale ferbân. In splinternije trep dy't foldocht oan de hjoeddeistige feiligensnoarmen kin gjin gebrek fertoane. It moat wol ynsichtlik makke wurde troch beboerding dat it beklimmen fan de trep op eigen risiko is.
- Oangeande de feiligens. Der binne ûngefear 300 tuorren dy't beklommen wurde kinne en gjin ien fan dizze tuorren hat sa'n moaie feilige trep as de toer yn it rapport. Yn de Martinitoer komt nammentlik in spiksplinternije trep. Wy geane derfan út dat dizze oan de hjoeddeistige feiligenseasken foldocht. Op dit punt sjogge wy it probleem dus net.
- Oangeande it lûden fan de klok. Ek hjir sjogge wy gjin problemen. De besiker kin troch it oanbringen fan ferwizings- of warskôgingsboerden hjirfan op 'e hichte steld wurde en men kin bygelyks gebrûk meitsje fan gehearbeskermers.

konkludearjende dat:

Wy fan miening binne dat de trep yn de Martinitoer der komme moat en dat der wol in ferfolch jûn wurdt oan it helberensûndersyk oangeande it tagonklik meitsjen fan de toer. Fansels geane wy dêrby foar opsje 3.

Stelt foar om:

Beslispunt 2. yn it riedsfoarstel te wizigjen yn:

Wol ferfolch te jaan oan de helberensferkenning en oer te gean ta útfiering.

Taljochting

Sjoen it feit dat de Breeddepleats in grutte opknappbeurt krijt en wy mear reuring kreëarje wolle en it toerisme befoarderje wolle yn de binnenstêd (de toerist langer fêsthâlde yn de stêd), soe dit perfekt kinne yn kombinaasje mei it tagonklik meitsjen fan de toer. De trep hat dan in grutte mearwearde.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Hans Nauta
FNP

Botte Ouderkerken
GroenLinks

Govert Geldof
D66